

## **Provinsje en gemeenten meitsje ôfspraken oer skriftlik brûken Fryske taal (2007)**

**Acht gemeenten hawwe mei it offisjeel ûndertekenen fan in yntinsjeferklarring ôfspraken makke mei de provinsje Fryslân oer it ûnderling skriftlik brûken fan it Frysk. It giet om Boarnsterhim, Dongeradiel, Ferwerderadiel, Ljouwerteradiel, Littenseradiel, Menameradiel, Tytsjerksteradiel en Wymbritseradiel. Inkelde oare gemeenten hawwe it meidwaan noch yn opsje.**

**De yntinsjeferklarring is bedoeld om it skriftlik Frysk taalgebrûk tusken provinsje en gemeenten te befoarderjen en fuort te sterkjen.**

Ut oerlizen dy't deputearre Mulder de ôfrûne jierren mei gemeenten hân hat die bliken dat ferskate gemeenten ree wiene om de skriftlike korrespondinsje mei de provinsje yn it Frysk te fieren. De ôfspraken dy't mei de yntinsjeferklarring makke binne, binne tige wichtich foar it fierder foarmjaan fan de foarbyldfunksje dy't provinsje en gemeenten hawwe by it befoarderjen fan it brûken fan de Fryske taal. De dielnimmers hawwe de yntinsje om no tenei ûnderling yn it Frysk te korrespondearjen oer bygelyks subsydzjebrieven, beswierskriften, útnoegings, nijsbrieven en ûntfangstbefêstigings. Fierder sil ek war dien wurde om beliedsstikken dy't dêr foar yn oanmerking komme neist it Nederlânsk ek yn it Frysk te publisearjen. Of der kin foarsjoen wurde yn in Frysktalige gearfetting.

De partijen fiere yn begjinsel in taalfolgjend belied, mar de iene partij kin altiten beslute om yn it Frysk te reagearjen op in Nederlânsktalich skriuwen.

De provinsje hat yn earste ynstânsje €15.000,-- beskikber steld foar it projekt. De Afûk hat ûnder oaren in korreksjestsjinst opsetten foar amtners fan gemeenten om sa de drompel om Frysk te skriuwen omleech te heljen. Yn 2007 sil de provinsje in 'nultjitting' útfiere om te sjen yn hoefier't de ûnderlinge skriftlike korrespondinsje yn it Frysk steld is.



Yn oanwêzigens fan mefrou Nieuwhof-Kuiken (provinsje Fryslân) ûndertekenet wethâlder Keizer út namme fan Ljouwerteradiel de ‘yntinsjeferklearring’.